

jo krij 'in man wol út in lân  
jo krij 'in lân net út in man  
wer hat sa'n heitelân dat einliks oan fertsjinne  
it spuit syn erfgenamen út  
it jout syn bern in skop en slút  
de doarren foar dy't gjin droech brea fertsjinne kinne  
sjoch ik se stean yn Rotterdam  
Marino Ali of Acham  
mei tryste brune eagen yn in kâld klimaat  
dan tink ik sa stie omke Tsjip  
destiids op it emigrantenskip  
op wei nei 'n godferlitten leechte op 'e kaart

en noch stekt elk syn eigen heitelân dochs altyd wer omheech  
en de ellinde wurdt fergetten en ferjûn  
al wie it destiids earmoed troef, elk sjongt mei triennen yn it each  
de âlde swiete lieten fan syn bertegrûn  
al hie dy bertegrûn gjin bliksem oan te bieden  
al kaam de leafde fan ien kant  
de dream is ivich en konstant  
en dat gefoel is yn gjin oare baan te lieden

want yn har gastarbeidersflat  
besjonge Sem en Mohammed  
de gouden loft oer Bosporus of Dardanellen  
al wie de earmoed der har jok  
en bin de dagen fan gelok  
ek maklik op de fingers fan ien hân te tellen  
en Friezen fier yn Canada  
dy 't as wyn en druven ha  
en einliks net nei the old country w'rom ta wolle  
sitte by de sûkerbôle gear  
en oer de dagen fan alear  
is der gjin moai ferhaal of sentimint te folle

it is by heech en leech de âlde leafde dy't wer boppe driuwt  
en sels de krisisjierren wurde romantyk  
al leit de wierheid even oars 't is nuver mar men bliuwt  
in libben lang ûnwennig fan in âlde kyk  
wat ek de wrange redens foar de skieding binne  
jo krij 'in man wol út in lân  
jo krij 'in lân net út in man  
wer hat sa'n heitelân dat einliks oan fertsjinne

ergens achter de horizon  
ligt het land waar je begon  
het blijft een bron van nostalgie en sentimenten  
waar heeft zo'n land dat aan verdiend  
het werd nooit echt een goede vriend  
want waarom was het dat jij weg moest ondanks jouw talenten  
als ik ze zie in Rotterdam  
Marino Ali of Acham  
met trieste bruine ogen in een koud klimaat  
dan denk ik aan mijn ome Flip  
destijds op het emigrantenschip  
op weg naar een godverlaten leegte op de kaart

toch staat het land waar je wiegje heeft gestaan nog altijd bovenaan  
en de ellende wordt vergeten en vergeven  
al was het bittere armoede toen men zingt zeer aangedaan  
de oude liedjes uit een vorig leven  
ook al was dat leven vaak ondraaglijk lijden  
al kwam de liefde van één kant  
de droom is eeuwig en constant  
en dat gevoel laat zich maar moeilijk bestrijden

want ergens in een flat  
bezingen Hasan en Mohammed  
de schoonheid van de Bosporus of Dardanellen  
al was er nauwelijks iets te eten  
blijkbaar wordt dat snel vergeten  
om het verleden veel rooskleuriger voor te stellen  
en ome Flip down-under  
met z'n farm van tachtig bunder  
heeft het helemaal gemaakt en deed het daar verrassend goed  
zweert bij drop en hagelslag  
en bij de nederlandse vlag  
komen de tranen het verlangen en de weemoed

het is telkens weer de oude liefde die alles overwint  
en zelfs een oorlog krijgt een gouden rand  
ontberingen en horror weggestopt of verwaaid met de wind  
geen enkele wanklank niets dan goeds over 't vaderland  
wat ook de wrange reden voor de scheiding was  
je krijgt een man wel uit een land  
maar een land niet uit een man  
eigenlijk heeft zo'n vaderland dat niet verdiend  
't was veel te vaak bepaald geen goede vriend